FRYSK op SKOALLE

In nij skoaljier
mei mear omtinken foar ús memmetaal

Goed Frysktalich ûnderwiis by alle fakken

Wêrom meitsje wy ús as ***BoargerAksjegroep Sis Tsiis*** (BAST) drok om goed Frysktalich ûnderwiis? Wêrom wolle wy dat? Wêr giet it by Frysktalich ûnderwiis om? Om it bern dat de earste jierren fan syn of har libben yn in Frysktalige sfear hoede, noede en fersoarge is. Troch in mem en in heit dy´t Frysk prate. De earste wurden dy´t it bern leard hat, wienen Fryske wurden. Leafde en waarmte binne foar sa'n bern yn dy earste foarmjende jierren identyk mei de Fryske taal.

Dan moat it bern inkelde jierren letter nei skoalle. By de kultuerskok dy´t dat op himsels al is op sa'n jonge leeftyd, moat it Frysktalige jonge bern ek al rillegau fêststelle, dat de taal dêr´t hy of hja mei leafde en waarmte yn grutbrocht is, der ynienen folle minder ta docht. En yn nochal wat gefallen, ek yn Fryslân sels, troch de swiere klam dy't op it Hollânsk leit, hielendal net mear de muoite wurdich achte wurdt.

Doch ek mei oan ús kommende aksjes!

Wolle jo ek aktyf meihelpe? Tige wolkom! Dan jo efkes opjaan by:

ffupost@hotmail.com. Wy hawwe ferlet fan jo!

Der binne lju dy't dat net slim fine. Hja redenearje dat it 'Nederlânsk' de taal is, dêr't jo fierder mei komme. Wêrom't sokken dan net foar it fuortdaliks learen fan in grutte taal (bygelyks it Ingelsk) binne? Lit ús it der mar op hâlde, dat it eachweid fan sokken net fierder rikt as Nijskâns, Maastricht en Terneuzen. Dan jildt ynienen it argumint fan de grutte taal net mear. Soks wiist derop dat der better sprutsen wurde kin fan it opsetten fan in blynkape út in foaropsette ideology wei.

De ferfrjemding fan de taal fan leafde en waarmte dy't it jonge bern ûndergiet, liket guon nochal triviaal ta. Mar troch it bern der op sa'n jonge leeftyd oan te wennen dat njonken de taal ek de wrâld fan syn of har âlden der minder of net ta docht, begjint in spiraal de bedelte yn. Dat is omdat it in tige ûngeunstige útwurking hat op it selsbyld fan jonge minsken. En soks kin libbenslang negative effekten hawwe op kânsen en mooglikheden. Dat is mei opsetsin jonge minsken skea dwaan. En dat is in misdied.

Soks spilet net allinnich hjoed-de-dei, mar it spilet al minstens salang't de learplicht bestiet. Dat is sûnt 1901 it gefal. Yn de ôfrûne 117 jier binne al fiif of seis generaasjes dêr yngeand troch yndoktrinearre. Nei't de oerheden generaasjes lang dat probleem negearre hawwe, binne se einlings, om 1980 hinne, ta de erkenning kommen dat soks net doogde. Mar it wie doe al oan de lette kant. Der wienen al te folle generaasjes opgroeid dy't fan jongs ôf oan oanleard wie dat har taal der net ta die, en dat ek wer trochjûn hienen oan har eigen bern, de folgjende generaasje. Mei alle gefolgen foar kânsen en mooglikheden, ek wer foar dy bern. Oarstalige bern hearre hjir yn Fryslân der ek wat fan mei te krijen, sadat se leare dat it Frysk der ek ta docht. En dat liket der yn it ûnderwiis noch net op. Yn de fierste fierte net.

Der wurdt Frysktalige bern ûnrjocht oandien. It is ús lulkens oer dy misdied dy't ús benammen yn beweging bringt. Jonge bern sels kinne harsels net ferdigenje. Dêrom dogge wy as folwoeksenen dat. Wy freegje jimme: ***doch mei en lit fan jim hearre of sjen! Der moat noch hiel wat feroare en bebettere wurde!***

De memmetaal spilet in ûnskatbere rol yn de ûntjouwing fan de persoanlike en kulturele identiteit. Bern dy't solide ferankere binne yn har eigen taal, hawwe faak in djipper begryp fan harsels, har plak yn de maatskippij en har 'sosjaal kapitaal'. Hja hawwe earder in positive ynderlike attitude, binne better oanpast oan 'e maatskippij, binne better by steat om goed om te gean mei oaren. Hja binne yn it algemien tefredener mei harsels en hawwe mear betrouwen yn 'e wrâld, likegoed as yn har eigen identiteit.

In bern dat op skoalle syn eigen taal ek op kultuertaalnivo leart, kin in positiver selsbyld ûntwikkelje en erkenning en wurdearring kweekje foar it eigen komôf. It is dan bewoartele yn de eigen kultuer, dêr't de eigen taal in essinsjeel part fan útmakket. En it witten by in kultuer te hearren troch de memmetaal brûke te kinnen, kin de oergong nei nije omkriten makliker meitsje. In goede behearsking fan de memmetaal helpt it bern om de bannen mei de famylje better yn stân te hâlden en fersterket de yntegraasje yn de widere mienskip.

Taal, en dan benammen de memmetaal, is de basis fan immen syn of har posityf selsbyld en selsûnderfining en, as sadanich, de basis fan it sosjale libben. Om dy reden sjogge wy ûnderwiis yn de eigen taal as in *bernerjocht.* It rjocht op ûnderwiis yn de eigen (offisjeel erkende) taal is oernommen yn alderhanne ynternasjonale ferdraggen en oerienkomsten, lykas it *Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden.*

Ek it ûnderwiis yn de Fryske taal is sa'n fêstlein rjocht. Alle bern yn de provinsje Fryslân hawwe sadwaande rjocht op goed ûnderwiis yn it Frysk. En dat krije se yn fierwei de measte gefallen net! *Sis Tsiis* stribbet nei it ferwêzentlikjen fan dat fûnemintele rjocht. Der falt noch in wrâld te winnen …

Wolle jo ek aktyf meihelpe? Tige wolkom! Dan jo efkes opjaan by: ffupost@hotmail.com. Wy hawwe ferlet fan jo!

Smyt dit pamflet net op 'e dyk!!!